



De lêste rychjes fan ús gekke Mem

(Last List Of My Mad Mother)



Drama mei humor

fan
JULIE JENSEN

Fryske oersetting fan
Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE LÊSTE RYCHJES FAN ÚS GEKKE MEM – LAST LIST OF MY MAD MOTHER**

gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIE JENSEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2005 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

- 1.U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Dot - Middelber, mei gefoel foar humor, ûntdekt dat se midden yn in situaasje telâne kommen is, dy't lang net grappich is.

Mem - Op jierren, takelt ôf, broazelich en smel, is wend om altyd har sin te krijen.

Zus - Wat jonger of âlder as Dot, posityf ynsteld, autoriteit.

Foar 3 froulju

It stik duorret sa'n 75 minuten.

Let op:

It pylkje yn 'e tekst jout oan, dat Dot tsjin Mem praat. Sûnder dit teken by Dot, is sy oan it fertellen.

It is hiel goed mooglik dat sommige ferteldielen de aksje oerlapet. Skras sa no en dan in regel as it fertellen net nedich is, omdat wy dat al sjoen ha.

Oer de auteur:

Julie Jensen is opgroeid yn it suden fan *Utah*. Se is ôfstudearre yn teaterwittenskippen en hat oan fiif ferskillende kolleezjes en universiteiten les jûn yn toanielskriuwen. Ek hat se fiif jier lang as skriuwer yn *Hollywood* wurke en oant foar koart hy se de lieding oer de oplieding toanielskriuwen fan de universiteit fan *Nevada, Las Vegas*. De premjêre fan “Last Lists of My Mad Mother” troch de *Salt Lake Acting Company*, wie yn *Salt Lake City, Utah*.

Boppedat waard it mei in soad sukses opfierd op it *Key West Theatre Festifal* yn *Florida*, Yn it *Mill Mountain Theatre* yn *Virginia*, *TheatreWorks* yn *Connecticut*, *Hudson Guild Theatre* yn *Los Angeles* en op it *Fringe Festifal* yn *Edinburgh*. Julie Jensen skreau ek *Two-Headed*, dat de *LA Weekly Award* foar it bêste nije toanielstik wûn; *The Lost Vegas Series*, dat de *Joseph Jefferson Award* foar it bêste nije stik wûn; en *White Money*, dat de *Kennedy Center Award* foar nije Amerikaanske toanielstikken krige. No is se de fêste toanielskriuwster by de *Salt Lake Acting Company*, wêrt se *Wait!* skreau en yn premjêre gean liet en wêrt se no wurket oan *Dust Eaters*.

Earste sêne - “Seurende Zus”.

(*it Ijocht skynt op Mem, dy't oan de tafel sit. Se belibbet eardere tiden, doe't se learares wie. Dot is har learling*)

Mem: Sân Swarte Swellen. Sweve Sêft troch it Swurk. Sa Sweve Swermen Swellen. Swierend, Swaaiend, Swalkjend. Sûnder Soargen nei it Suden. Hoe Soe it dêr doch wêze? No allegearre mei elkoar, sis my mar nei: (*Dot seit it haperjend nei*) Sân Swarte Swellen. Sweve Sêft troch it Swurk. Sa Sweve Swermen Swellen. Swierend, Swaaiend, Swalkjend. Sûnder Soargen nei it Suden. Hoe Soe it dêr doch wêze?

Dot: Us Mem hat har libben lang fochten tsjin suterich gepraat, tsjin in loaie útspraak. Se makke har ek tige drok oer ûnbepaalde lidwurden en de net-feitlike foarstelwize. Der wiene minsken yn 'e stêd, dy't echt mienden dat it úteinlik it lykhâldend tiidwurd wie, dat ús Mem gek makke. (*Mem begijnt op it ritme fan it tiidwurd, kaarten del te lizzen, foar in spultsje patience*)

Mem: (*ferbetterjend*) Hjoed sjoch ik. Juster seach ik. Ik haw it hiel. faak snoen

Dot: (*pleagjend*) Hjoed snoen ik. Moarn ik seach. Ik haw it hiel faak... sjoch. Hjoed dien ik.

Mem: Hjoed doch ik.

Dot: Juster dien ik

Mem: Juster die ik.

Dot: Ik haw it hiel faak...doch.

Mem: Ik haw it hiel faak dien.

Dot: Ik koe ús Mem neat skele oft se har wol of net lije mochten. En dat diene se dan ek net. Foar in diel omdat se leaude dat it har wurk wie om grut en lyts te fertellen, hoe't se oer har tocht en wat se dwaan moasten om har te ferbetterjen. Foardat se har ferstân hielendal kwyt wie, bemuoide se har fûleindich mei elk beslút, dat ien fan ús ea naam. En dat die se sawol mei minsken yn 'e stêd, as mei har eigen famylje. It wie hiel gewoan foar har, om soks te sizzen as: “O, wy leauwe hjir net yn. Wy leauwe dêr yn.” Se prate nammentlik net allinne út namme fan harsels. En no belibbet ús Mem har âlde dei en wurdt mei de dei gekker. Mar dat ferhinderet har net om har miening te jaan of de baas te spyljen. Se hâldt in sekuer deiroaster aan dat elke dei gjin minút ôfwise mei. Dat is har manier om de gatten yn har geast net te toanen. (*Mem spilet patience*)

Mem: Dorothy, hoe let is it?

Dot: It is 23 minuten oer tsienen, Mem.

Mem: Hoe let is it op 'e klok yn 'e keamer?

Dot: 23 minuten oer tsienen, Mem.

Mem: Nee, sjoch ris efkes.

Dot: Dêr is it 24 minuten oer tsienen, Mem.

Mem: Sjochst wol, se rinne net gelyk...

Dot: Ja... Mar wat makket dat no út?

Mem: Dat makket safolle út, omdat wy om healwei alven de post ophelje moatte.

Dot: Moatte wy dat?

Mem: Ja, dat moatte wy.

Dot: Wêrom moatte wy dat?

Mem: Omdat wy dat altyd dogge.

Dot: En wat, as wy it hjoed no ris net dogge?

Mem: Wy hâlde der net fan om it oars te dwaan.

Dot: Wa is wy?

Mem: (*sjocht ûngeduldich op*) Moast dyn oare skuon oandwaan. Dy skuon kinst net nei stêd aan ha. (*ferleit in kaart*)

Dot: Us Mem spilet patience. Soms wol hûndert spultjes op in dei.

Se spilet ferskriklik falsk. Mar se spilet net om te winnen. Se spilet om te bewizen, dat se noch hieltyd fan efteren nei foaren telle kin.

(*mem ferleit har kaarten op it ritme fan it opneamen fan har roaster*)

Mem: Om healwei alven helje wy de post op en meitsje in lyts ritsje.

Om healwei tolven ite we in lyts bytsje. Om healwei ienen dogge wy in lyts knipperke. Om healwei twaen meitsje wy noch in lyts kuierke. Om healwei trijen ite wy noch in lyts bytsje. Om healwei fjouweren waskje wy ús in lyts bytsje. Om healwei fifen sitte wy in lyts bytsje foar de televyzje. En om healwei achten sjogge wy in lyts bytsje nei it nijs en in lyts bytsje letter lizze wy op bêd.

Dot: En as wy dat no hjoed ris net sa dogge?

Mem: Heit wol it sa ha.

Dot: Dit hat neat mei Heit te krijen.

Mem: Fansels wol. Heit wol it sa ha.

Dot: Heit jout gjin moer om de post.

Mem: Dat docht Heit wol en do ek.

Dot: Ik jou gjin moer om de post.

Mem: Wol wier.

Dot: Dit deiroaster hat neat mei Heit te meitsjen en ek net mei my. It hat mei dy te krijen.

Mem: (*ferleit in kaart en sjocht dan op*) Wat hasto no foar dingen yn 't ear?

Dot: Dat binne earbellen, Mem.

Mem: Dêr hâlde wy net fan. Dat is wat foar sletten. (*telt har steapeeltsje kaarten*) Fjouwer, trije, twa, ien. Sjoch no ris oan, ik ha al wer wûn. (*sjocht op, mei in gesicht as soe se klear wêze*) Wat foar kleur hat dy blûze?

Dot: Griis.

Mem: Wy hâlde net fan griis. Griis stiet ús net.

Dot: Wat foar kleur stiet ús wol?

Mem: Ald rôze.

Dot: (*laket*) Wist wat, Mem? Do soest in fantastyske Mem wêze foar in pear homo's.

Mem: (*ropt ien dy't der net is*) Kom, Heit, it is tiid om nei it postkantoar te gean...

Dot: Ik bring dy wol nei 't postkantoar.

Mem: Nee, Heit bringt my.

Dot: As ik dy no hjoed ris bring?

Mem: Nee, Heit wol my sels bringe.

Dot: Dat wit ik, Mem. Mar ik sil it hjoed dwaan

Mem: Mar Heit moat hjoed nei it postkantoar.

Dot: Ik tink it net, Mem. Hy fielt him net sa lekker.

Mem: Hy fielt him altyd goed, as wy nei it postkantoar geane.

Dot: Nee, Mem. Ik sil dy hjoed bringe. Gean mar yn 'e auto sitten.

Mem: It hier hinget dy yn 'e eagen. Do moatst dyn pony knippe. (*ropt*) Kom no, Heit. Wy moatte fuort, it is al healwei alven west.

Dot: Heit leit efkes.

Mem: Heit wol ek fuort.

Dot: Heit is siik.

Mem: Heit wol nei bûten.

Dot: Heit moat sliepe.

Mem: Poeh! Heit sliert fierstente folle. Hy moat de post ophelje.

Dot: Mem, sjoch my oan. Heit is siik. Hy bringt dy no net nei it postkantoar. Dat doch ik. Is dat dûdlik? Se sjocht nei my, as wie se dwaande, mei in sin út in frjemde taal te ûntsiferjen. Dan stampfuottet se as in lille Shirley Temple...

Mem: Na-na na na-na! Do hoechst my net te sizzen wat ik dwaan moat!

Dot: En no is it út! (*pakt Mem by de earmtakke*) Ik ha no myn nocht!

Mem: Do hoechst my net te sizzen wat ik dwaan moat! (*Dot jout Mem in klap foar har kont*) Heit, se slacht my!

Dot: En ik slaan dy nochris asto no net ophâldst... (*Mem dûkt fuort, bûten har berik*) Dêr steane wy dan en sjogge elkoar oan as twa wrakselers yn 'e ring. Ik fielde my machtiger dan ea. Mem, gean by de tafel sitten. Ik ha no myn nocht! Gean sitten. No daliks. (*Mem*

giet mei tsjinsin sitten) Dat is better. (*se sjogge hoeden nei elkoar.*
Stilte) Dan port se my mei har stok en ik soe har wol fermoardzje
kinne. (*Dot pakt de stok óf*) Op dit stuit soe it my heuge moatte dat
der in ferskil is tusken “kin net” en “wol net”. Us Mem kin net better.
(*lange stilte. Dot giet wer nei de tafel*) Ik pak har spul kaarten. Ik
besykje it wer goed te meitsjen. Hjir, Mem, lit ús rummy dwaan.
Hoefolle moat ik jaan? (*wyls se útdielt*) len?

Mem: len.

Dot: Twa?

Mem: Twa.

Dot: Trije?

Mem: Trije.

Dot: Fjouwer?

Mem: Fjouwer.

Dot: Fiif?

Mem: Fiif.

Dot: Seis?

Mem: Seis.

Dot: Sân?

Mem: Sân.

Dot: Sân. Kloppet dat?

Mem: Sân. Kloppet dat? (*se kaarte wat. Mem pakt twa kaarten fan de steapel*)

Dot: Us Mem wit net mear hoefolle kaarten se pakke mei. It liket har
neat út te meitsjen. Mar ik moat my oan de spulrigels hâlde. Do
meist ien pakke of allegear. (*Dot pakt se werom*)

Mem: Ik wol der twa.

Dot: Dat wit ik. Mar do moatst ien pakke of allegearre.

Mem: Wêrom?

Dot: Sa binne de spulrigels. Toe mar, pakke. (*Mem pakt twa kaarten*)
Nee. Do meist net twa pakke. Do moatst ien pakke of it hiele
steapeltsje.

Mem: Mar ik wol der mar twa.

Dot: Do meist gjin twa pakke. Len of allegearre.

Mem: Wêrom?

Dot: Dêrom!

Mem: Mar ik wol der mar twa.

Dot: Goed dan, pak mar twa. (*Mem pakt twa kaarten en spilet út ‘e hân*)

Mem: Sa spylje ik. Ik spylje it mei twa kaarten.

Dot: Goed hear, Mem. Do hast wûn.

Mem: Sa doch ik it. Ik spylje it mei twa. (*tinkt oan it deiroaster*) Kom op, Heit, wy gean.

Dot: (*pakt har hinnen en hâldt har tsjin*) Nee! Do bliuwst sitten wêrst sitst! Wy stoareagje nei elkoar as twa katten, elk oan in kant fan in stek. Yn 'e goedichheid, begin no net wer, Mem. Ik lit har gean. Se kin net fleane, mar der is wat feroare. Faaks is se allinne mar fergetten hoe.

(*efkes is it stil. De telefoan giet. Ljocht op Mem út, op Zus en Dot oan*)

Tuskensêne 1

(*Dot draaft nei lofts foar en nimt de telefoan op. Zus is rjochts foar. Se is earne mei dwaande*)

Zus: Hoe giet it hjoed?

Dot: Traach.

Zus: Dat komt omdatsto net posityf genôch tinkst. (*Dot kuchelet lûd*)
Docht dat mei op set sin?

Dot: Dat komt tink, omdat ik net posityf genôch tink.

Zus: Efkes serieus, ja. Dy negative enerzjy is as in stoplijocht op 'e autodyk fan it libben. It hat ynfloed op alles watst dochste, op elkenien dy't by dy is.

Dot: *De krêft fan it posityf tinken.* Norman Vincent Peale. 1956.

Zus: It is net de krêft fan it posityf tinken. It is je earne in foarstelling fan meitsje kinne mei befêstigjende enerzjy.

Dot: Wat is dan fergeemje it ferskil?

Zus: Do hoechst de dingen wêr't ik yn leau net bespotlik te meitsjen.
Do soest sels ris earne yn leauwe moatte.

Dot: Krekt! In paadfiner is altyd fleurich.

Zus: Ja!

Dot: Litte wy ien ding efkes foaropstelle, do hast net it rjocht, om my te sizzen, wat ik dwaan moat.

Zus: Dat doch ik ek net.

Dot: O, nee?

Zus: Nee.

Dot: Wat docht dan?

Zus: Ik help dy.

Dot: (*slacht de eagen omheech*) No, as dat sa is, dan wirdst tige betanke.

Zus: Graach dien. Dus... as wy dyn hâlding net meirekkenje - hoe is 't mei dy?

Dot: Geweldich! Ik bin fiif pûn oankaam sûnt ôfrûne tongersdei. Mem is fjouwer ôffallen.

Zus: Wat freeslik.

Dot: Ja, ik wit it.

Zus: Dêr moatst wat oan dwaan.

Dot: Wat moat ik der oan dwaan?

Zus: Ophâlde mei iten...

Dot: Wat in goed idee! Dat wie noch net yn my opkaam.

Zus: Moatst ris hearre, ik wie fan 'e moarn yn "Clayton Home". It is dêr echt hiel aardich. Ik soe der sels wol wenje wolle. Se ha der

tafelkleedsjes en op elke tafel in blomke. Se meie elke wike mei nei de winkel. Sa no en dan ha se in útstapke.

Dot: En de bewenners binne allegearre jong en by de tiid. Mei noch safolle om nei út te sjen.

Zus: Se jouwe der sels les oan jonge bern.

Dot: Us Mem wit net iens mear hoefolle bern se hat.

Zus: Se sil oare minsken om har hinne ha.

Dot: Jammer dat se de pest oan oare minsken hat.

Zus: Dat wit ik, mar se ha dêr ferskate aktiviteiten.

Dot: As se yn it âldereintehûs sit, sil ús Mem elke moarn fluch it bêd útgean, it rút iepen goaie en nei bûten roppe, hoe bliid se is, dat se libbet.

Zus: (saaklik) Ja.

(it Ijocht giet út op Zus en oan op Mem)

Twadde sêne: “Winner grutte priis”

(*Mem is wer learares, Dot learling*)

Mem: Dit binne twalûden: ea en oa. Bear, Doar. Sis my mar nei: (*Dot docht mei*) ea, oa. Bear, Doar. Nochris: ea, oa. Bear, Doar. ea en oa, wat binne dat?

Dot: Twalûden.

Mem: Twalûden. Ja. Dat binne twalûden. (*Mem giet ôf. Dot set twa stuollen neist elkoar, dy't as “auto” tsjinst dwaan moat en giet “etter it stjoer” sitten*)

Dot: It is 5 oer healwei alven. We binne op ‘t postkantoar. Ik stean foar de doar parkeart, sa kin Mem der efkes hinne waggelje, postbus 309 iepen dwaan en dan, de ynhâld tsjin har oan hâldend, wer waggeljend werom komme. It is har ienichste lichemsbeweging deis. (*Dot sjocht hoe't se werom komt*) It is krekt in griene flinter mei polyester wjukken. (*Mem komt op mei in earm fol post en giet op de “passazjerstoel” sitten*)

Mem: Sa, dêr wie ‘k al wer. Moatst ris sjen, hjir haw ik de post.

Dot: Noch wat ynteressants, Mem?

Mem: Dat wit ik noch net, no? Ik haw it noch net ynsjoen...

Dot: No, lit my ris sjen.

Mem: Efkes wachtsje. Dy man meie wy net lije.

Dot: Wat foar man, Mem? (*se tikket op it rût en draait de holle om*)
Dat is Omke Lehman, Mem. Dy kinst wol.

Mem: Wy meie him net lije.

Dot: Fansels meie wy him wol lije.

Mem: Hy hat in fierstente grou liif.

Dot: Hy is erflik belêst, Mem. Sa binne der noch wol in pear yn ús famylje.

Mem: Ik kin syn namme net.

Dot: Omke Lehman, Mem.

Mem: Wêrom hat hy fan dy dingen oan?

Dot: Hy is it lân yn west. Dat binne rubberlearzen.

Mem: Wêr dat foar?

Dot: Hy is oan ‘t heakkeljen.

Mem: Wy meie him net lije.

Dot: Sa moatst net prate. Toe.

Mem: Syn liif is te grou.

Dot: Lit ús de post ris besjen. Wat hast dêr allegear?

Mem: Dat wit ik noch net, no? Ik haw it noch net ynsjoen...

Dot: (*pakt de steapel post*) Wat moatsto no mei twa deselde tydskriften?

Mem: Ien foar Heit.

Dot: Mar do hast doch gjin twa deselde tydskriften nedich?

Mem: Ien is foar Heit.

Dot: Heit lêst net mear. En do ek net.

Mem: Ien is foar Heit. Ien is foar Mem.

Dot: Okee, Mem. (*Dot hellet in slûf út de post*) Ik meitsje in bankôfskrift iepen. Dit is myn kâns. (*iepent de slûf. Stilte*) Mem?

Mem: Ja?

Dot: Do hast fjirtjintûzen dollar op dyn bankrekken stean.

Mem: Dat ha wy it leafst.

Dot: Do moatst net safolle jild op dyn bankrekken stean litte.

Mem: Sa dogge wy dat. Sa ha wy dat it leafst.

Dot: Oer it jild op dizze bankrekken, krigest net iens rinte.

Mem: Wy wolle net te koart komme.

Dot: Litte wy wat op in sparrekken sette.

Mem: Nee. Ik wol neat mei Bill Hellerman te krijen ha.

Dot: Bill Hellerman is al lang dea, Mem.

Mem: Ik wol ek neat mei Glen Packard te krijen ha.

Dot: Glen Packard is manager fan de Sleepy Lagoon. Kom mei. Wy sille nei de bank. Dy is híj skeef tsjinoer.

Mem: Ik haw dat jild nedich.

Dot: Wêr foar?

Mem: Foar iten.

Dot: Foar wat bôleguod en in blikje fisk hasto gjin fjirtjintûzen dollar nedich.

Mem: Wy geane elke te winkeljen.

Dot: Ja, wis. En dêr joust út, trije dollar fiifentjirtich, Seis achtennjoggentich, ien dollar fjirtjin.

Mem: It is myn jild.

Dot: Do hast gjin fjirtjintûzen dollar nedich om iten te keapjen. Kom op. Ut 'e auto. Wy binne híj no.

Mem: Neee!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto